

## Jierrekken 2023

### Algemien

De jierrekken 2023 fan de Ried fan de Fryske Beweging (tenei RFFB) jout ynsjoch yn de finânsjele sitewaasje. It binne net allinnich sifers, mar der is ek op ûnderdielen neiere taljochting.

### Eksploitaasje

Yn de neikommende tabel stiet in oersicht fan de eksploitaasje 2023. Dêrby is in fergelyk makke tusken de begutting en de werklike eksploitaasje.

Omskriuwing	begutting 2023			werklik 2023			Omskriuwing	begutting 2023 baten	werklik 2023 baten
	dir.kosten	yndir. koste	kosten	dir.kosten	yndir. kosten	kosten			
Fedde Schurerlêzing	1.750	687	2.437	629	162	791	rinte & dividind	50	322
Oanmoediging (FRP, fear, plom)	2.500	981	3.481	1.823	471	2.294	stipe & jeften	7.500	8.170
Kontakt mei efterban & belied	2.750	1.079	3.829	3.936	1.017	4.953	Ynkomsten 'de Nije'	0	980
							Ynkomsten 'it Nijs'	2.000	2.000
<b>sub-totaal 'sichtberens'</b>	<b>7.000</b>	<b>2.747</b>	<b>9.747</b>	<b>6.388</b>	<b>1.651</b>	<b>8.038</b>	<b>sub-totaal eigen baten fan de Ried</b>	<b>9.550</b>	<b>11.472</b>
Bestjoer & Beleid	2.750	1.079	3.829	245	63	308	Subsydzje Provinsje Fryslân	20.800	21.986
Ynternasjonale kontakten	3.250	1.275	4.525	1.750	452	2.202	Oare subsydzjes en ynkomsten	0	0
<b>sub-totaal 'suksessen boeke'</b>	<b>6.000</b>	<b>2.355</b>	<b>8.355</b>	<b>1.995</b>	<b>515</b>	<b>2.510</b>	<b>sub-totaal subsydzjes</b>	<b>20.800</b>	<b>21.986</b>
<b>3. It Nijs.frl</b>									
Redaksje	17.500	6.867	24.367	18.970	4.902	23.872			
Middelen	2.500	981	3.481	4.635	1.198	5.833			
<b>sub-totaal 'It Nijs.frl'</b>	<b>20.000</b>	<b>7.848</b>	<b>27.848</b>	<b>23.605</b>	<b>6.100</b>	<b>29.705</b>			
Advies & kantoar / Frijwilligers	7.650	-7.650	0	2.321	-2.321	0	Bestimde reserves	14.500	14.500
Oare kosten	5.300	-5.300	0	5.945	-5.945	0	Ynkomsten bûsboekje	16.500	18.907
<b>sub-totaal Ried</b>	<b>12.950</b>	<b>-12.950</b>	<b>0</b>	<b>8.266</b>	<b>-8.266</b>	<b>0</b>	<b>sub-totaal 'bestimde reserves'</b>	<b>31.000</b>	<b>33.407</b>
Tiidskrift 'De Nije'	0	0	0	250	0	250	<b>Tekoart ( betelle út eigen reserve Ried)</b>	<b>1.100</b>	<b>6.898</b>
Stipe oan oare organisaasjes	0	0	0	3.050	0	3.050			
Nije beweging yn de Ried	0	0	0	11.882	0	11.882			
Frysk bûsboekje	16.500	0	16.500	18.328	0	18.328			
<b>sub-totaal 'útjeftes &amp; projekten'</b>	<b>16.500</b>	<b>0</b>	<b>16.500</b>	<b>33.510</b>	<b>0</b>	<b>33.510</b>			
<b>Totale kosten</b>	<b>62.450</b>	<b>0</b>	<b>62.450</b>	<b>73.763</b>	<b>0</b>	<b>73.763</b>	<b>Totaal fan alle soarten baten</b>	<b>62.450</b>	<b>73.763</b>

### Taljochting op de eksploitaasje 2023

De eksploitaasje 2023 slút mei in negatyf saldo fan € 6.898. Dat wie earder begrutte op € 1.100.

#### Kosten

De kosten foar sichtberens binne leger útfallen dan begrutte. Dat komt benammen troch legere kosten foar de Fedde Schurerlêzing en it útjaan fan de Fear. Mei de Fryske Reklamepriis binne wy alhiel ophâlden. De kosten fan kontakten mei de achterban binne lykwols heger as begrutte.

De post bestjoer & belied falt folle leger út. Dat is foar it grutste part te witen oan it fuortgean fan de eksterne adviseur. De kosten foar ynternasjonale kontakten bliuwe ek benefter. Dat komt om't de kosten foar it FUEN-kongres noch net deklarearre binne.

De kosten foar itnijs.frl falle heger út. Dat komt benammen om't in fêste redakteur fuortgien is en wy no betelle kollumnisten hawwe. Dat soarget foar hegere kosten. Ek de kosten foar ICT-behear binne heger wurden.

De kosten foar advies, kantoar en frijwilligers wiene heger rûsd as foarich jier. Dat komt ek om't wy rekken hâlden hawwe mei de mooglikheid dat bestjoersleden in frijwilligersfergoeding krije kinne. Dat belied is (noch) net ynfierd.

We binne ophâlden mei DE NIJE. Der binne lykwols wat neikommende kosten foar de lêste ôfhanneling by Betapress en we krigen noch btw werom. Alles is no ôfhannele. De kosten foar it bûsboekje falle heger út as begrutte. Dat is benammen in ynflaasje-effekt. Dat hat lykwols gjin grutte gefolgen foar de ynkkomsten, it bûsboekje draait noch alle jierren lyk.

It negatieve risseltaat komt benammen troch de stipe dy't wy jûn hawwe oan ferskate organisaasjes: de Federaasje, It skriuwersboun en it Frysk Boun om Utens. It is lykwols in bewuste kar west om aktiviteiten fan oaren te stypjen. Dat is ek as nije aktiviteit opnaam yn it karbrief.

In twadde oarsaak is it ynhieren fan in eksterne kommunikaasje-adviseur. Foar in part wurdt dy kompensearre troch de beliedsadviseur dy't ophâlden is, mar net folslein. It opstarten fan dit trajekt is lykwols echt nedich foar in takomstfêste ried. It past ek yn it beliedsplan en it bestjoer hat hjir bewust foar keazen.

### *Baten*

De baten binnen heger as begrutte. Dat komt benammen om't guon stipers wat mear betelje as de minimale stipe. De rente giet ek omheech en we hawwe in sparrekken iepene by ING. Dêrtroch binne der mear rente-ynkomsten. Wy binne ophâlden mei DE NIJE yn 2022. Yn 2023 krigen we de lêste BTW werom. Dat soarget foar hegere ynkkomsten.

### *Saldo*

Om 't de kosten heger binne as de baten, wie der yn 2023 in negatyf saldo. Besletten is dat de tekoarten dutsen wurde út de eigen reserve fan de Ried. Elk jier (oant 2030) is dêr € 14.500 foar útlutsen. Dêr komt no lykwols it ekstra tekoart noch by. Yn 2024 ferwachtet de Ried noch ekstra kosten foar it PR- en kommunikaasjetrajekt. Dêrnei meitsje wy op 'e nij de balâns op oer it benutten fan de eigen reserve.

## Balâns

Yn de neikommende tabel stiet de balâns op 31 desimber 2023.

### Balans op 31 desimber 2023

(bedragen yn €)

	1-1-2023	31-12-2023		1-1-2023	31-12-2023
<b>Aktiva</b>			<b>Passiva</b>		
<i>Rinnende bankrekkens</i>			<i>Fermogen</i>		
NL15RABO 0132 2601 58	5.640	5.455	eigen fermogen fan de Ried		
RABO13368559869 doelreserveren	52.084	100	Jisk Koopmans Fûns (JKF)	603.916	525.599
NL55INGB 0001 1234 54	8.984	4.200	Risseltaat JKF	-73.317	32.989
<b>totaal rinnende bankrekkens</b>	<b>66.707</b>	<b>9.755</b>	nije bestimde reserve (Jou my de fiif)	-5.000	0
<i>Oare bankrekkens</i>			oandiel eksploitaasjerisseltaat	0	0
RABO-Frysk Bûsboekje	10.521	11.099	<b>Jisk Koopmans Fûns (JKF)</b>	<b>525.599</b>	<b>558.588</b>
<b>totaal oare rekkens</b>	<b>10.521</b>	<b>11.099</b>	frije algemiene reserve fan de Ried	89.080	62.187
<i>Deposito- en sparrekkens</i>			bestimde reserve eksploitaasje	-14.500	-14.500
ASN Sparrekken	74.322	8.515	oandiel eksploitaasjerisseltaat	-12.393	-6.898
ING Sparrekken		33.032	<b>frije algemiene reserve fan de Ried</b>	<b>62.187</b>	<b>40.789</b>
<b>totaal depositorekkens</b>	<b>74.322</b>	<b>41.547</b>	<i>totaal algemiene reserve fan de Ried</i>	<i>587.786</i>	<i>599.377</i>
<i>Belizzingen</i>			<i>Stipe biografy Feitsma</i>	<i>10.000</i>	<i>0</i>
RABO 0328094994 belizzersrekken	4.932	5.345	<i>Stipe Pier21 (Kneppelfreed)</i>	<i>5.000</i>	<i>0</i>
Effekten	461.825	541.480	Jou my de fiif yn de bus	5.000	0
<b>totaal belizzings</b>	<b>466.757</b>	<b>546.825</b>	<i>Bestimde reserve bûsboekje</i>	<i>10.521</i>	<i>11.099</i>
<i>Foarderingen</i>			<b>rinnende ferplichtings</b>	<b>30.521</b>	<b>11.099</b>
Liening Skriuwersboun	0	1.250			
<b>totaal foarderingen</b>	<b>0</b>	<b>1.250</b>			
<b>Totaal fan de aktiva</b>	<b>618.307</b>	<b>610.476</b>	<b>Totaal fan de passiva</b>	<b>618.307</b>	<b>610.476</b>

### Taljochting op de balâns op 31 desimber 2023

De balânsposysje is yn 2023 leger wurden. It balânstotaal stie op 1 jannewaris 2023 op € 618.307 en op 31 desimber 2023 wie dat € 610.476. It balânstotaal naam ôf mei likernôch achttûzen euro. Dat is is relatyf sjoen in lyts ferskil.

Dat de ôfname fan it fermogen beheind is, komt benammen troch it positive belizzingsrisseltaat. Nei in in grutte delgong troch de oarloch yn Oekraïne yn 2021 en 2022 binne de belizzingen yn 2023 wer bylutsen.

#### Effekten

De wearde fan de effekten is yn 2023 ferhege fan € 466.757 nei € 546.825. De belizzersrekken kin net los sjoen wurde fan de effekten. De stikken binne yn behear by de Rabobank. It ôfsprutsen profyl is 'defensyf' en 'duorsum'.

Datum: 8 maaie 2024

status: fêststeld

### *Eigen fermogen fan de Ried: it Jisk Koopmansfûns (JKF)*

It Jisk Koopmans Fûns is de rêchbonke fan it fermogen fan RFFB. It datearret fan 2009. It startkapitaal wie € 640.090. As ANBI moatte wy it jild ynsette foar de aktiviteiten. We meie dat net allegear oppotsje. Dêrom is in part fan it fermogen ynbrocht yn de frije reserve fan de Ried, sadat it brûkt wurde kin foar aktiviteiten. Yn 2023 is it JKF tanaam oant € 558.588.

Inkele eleminten binne fan belang:

- Yn in aparte rigel 'Risseltaat JKF' wurde fluktuaasjes yn de koersen fan de effekteportefeuille en de sparrekens ferwurke; troch dy hjir te ferrekkenjen fersmoargje se de eksploitaasje net. It risseltaat fan it JKF is yn 2023 fêststeld op -/- € 32.989.
- Troch it oerheveljen fan in part fan it fûns nei de frije algemiene reserve soe it JFK tsien jier ynset wurde kinne om oan in basisfermogen te bouwen foar de perioade hjirnei. De tekoarten wurde de kommende jierren finansiere troch de Ried sels, op basis fan wat oant 2020 opbouwd is.
- Mei de frije reserve soe de Ried tsien jier foar út kinne. Troch de tekoarten op de eksploitaasje yn 2020 oantmei 2023 is dit ferkoarte. Wy kinne no noch trije jier foarút.

### *Eigen fermogen fan de Ried: frije algemiene reserve fan de Ried*

- Yn 2023 wie der in tekoart op de eksploitaasje fan € 6.898. Dat tekoart wurdt oanfolle út de frije reserve fan de Ried. Mei de bestimde € 14.500 is dat in delgong fan € 21.398 op de frije algemiene reserve fan de Ried.
- Dat betsjut dat de frije reserve op 31 desimber 2023 meiïnoar € € 40.789 is.

Oer it jier 2023 wie der in tekoart fan € 6.898. Dat past yn de trend fan de lêste jierren. It is tige winsklik dat we it PR- en kommunikaasjetrajekt wêr't wy mei begûn binne ek ôfmeitsje. It bestjoer hat besletten om yn 2024 en 2025 de € 14.500 te ferheegjen mei gemiddeld € 10.000 yn it jier. Yn 2025 nimt it bestjoer in beslút oer de frije reserve.

### *Eigen fermogen fan de Ried: bestimde reserve biografy Feitsma en Pier21*

- Der is in tasizzing dien foar garânzje-stipes oan de biograaf fan Tony Feitsma fan € 10.000 en foar € 5.000 oan Pier21 foar in tal foarstellings oer Kneppelfreed. Dy projekten binne betelle. Dêrmei binne de bestimde reserves foar eksterne partijen ôfboud.

### *Eigen fermogen fan de Ried: bestimde reserve Frysk bûsboekje*

- Dizze bestimde reserve fungearret as earmerke buffer foar de eksploitaasje fan it Frysk bûsboekje. De ferkeap fan it bûsboekje hat net in soad te lijen hân fan de koronamaatregels. Der wie sels in lytse taname. De reserve foar it bûsboekje is op 31 desimber 2023 likernôch gelyk bleaun mei € 11.099.

### *Skulden en foarderingsen*

De Ried hat it Skriuwersbûn rinteleas jild liend foar it projekt 'Naar gelang het Noorden'. Dit wurdt yn in oantal jier ôflost.

De Ried besiket de ferplichtingen oan de ein fan it kalinderjier sa goed mooglik yn byld te krijen en de rekkens foar 1 jannewaris te beteljen. Dêrmei wurdt it noch te beteljen bedrach sa leech mooglik hâlden. Dat hat fan gefolgen dat de stân foar de skulden op 31 desimber 2023 útkommen is op € 0.